

Ien omballing?

Troch Hindrik Sijens

In eigenskip fan haadwurden (*zelfstandige naamwoorden*) is dat se in meartal hawwe kinne. Men kin ien *krante* of twa *kranten* keapje. Troch efter in haadwurd bygelyks in *-n* of *-s* te setten jout men oan dat it om mear as ien fan it neamde wurd giet. Sa ek yn dizze foarbylden: ien wurd, twa wurden; ien kompjûter, twa kompjûters; ien museum, twa musea; ien molke, twa molken; ien finânsje, twa finânsjes. By de earste trije wurdpearen sille jo meistimme dat it om ien of mear giet, mar by de lêste twa foarbylden moat de twivel wol taslaan. Kin dat: Ien molke, twa molken? Molke as ‘wite floeistof’ kin net teld wurde, krekt as ‘goud’ en ‘izer’. Dat binne saneamde stofnammen en dy kinne gjin meartal hawwe. En kin dat, ien *finânsje* en twa *finânsjes*? Ferlykje de folgjende sinnen mar ris: ‘De minister fan finânsje’, en ‘hja hat har beide finânsjes regele.’ Nee, *finânsjes* bestiet allinnich as meartal en *finânsjes* kin ek net teld wurde: ‘ien, twa finânsjes’ kin net.

Ek *harsens*, *manufaktueren*, *notulen* en *wetterpokken* kinne allinnich mar yn it meartal stean. Besykje mar ris in sintsje te meitsjen mei sa’n wurd yn it inkeltal: ‘Hokker notúl bedoele jo?’, ‘Hoe krije jo it yn ’e harsen?’ It wol net en it kin net. Sa’n wurd dat allinnich mar yn it meartal stiet, neame taalkundigen in *plurale tantum*, in term dy’t út it Latyn komt.

In skift fan wurden dêr’t sokke meartallen faak by foarkomme, is dat fan lichemsdielen en organen: *harsens*, *urinewegen*, *luchtwegen*, *genitaliën*. It Nederlânsk hat by dit skift ek *ingewanden* en *hurken*. *Hurken* komme allinnich foar yn de fêste ferbining: ‘op z’n hurken zitten.’ Yn it Frysk hawwe wy foar *hurken*: de *hoksen*. Dat wurd komt krekt as de *hurken* ek yn in fêste ferbining foar: ‘yn ’e hoksen sitte’. Mar oars as it Nederlânsk kin it yn it Frysk wol frij (net yn ferbining) en yn it inkeltal brûkt wurde: ‘de linker hokse jocket my.’ Yn it Nederlânsk kin ‘mijn linker hurk jeukt’ út noch yn net. Neist lichemsdielen besteane der ek sykten dy’t allinnich as plurale tantum foarkomme: *mûzels* en *wetterpokken*.

Der binne ek wurden dy’t wol yn it inkeltal steane, mar yn ien fan syn betsjuttings perfoarst yn it meartal moatte. Ferlykje marris: ‘Grutte *wâlden* mei miljoenen beammen’ en: ‘Burgum en Eastermar lizze yn de *wâlden*.’ It earste *wâlden* kin wol yn it inkeltal (‘in grut wâld’), mar it twadde net. ‘Burgum leit yn it wâld’ is net goed, of it moat wêze dat de sprekker bedoelt dat Burgum yn in wâld mei beammen (in bosk) leit. Mar dat is besiden de wierheid.

Neist de al neamde pluralia tantum, besteane der noch folle mear soksoarte meartalswurden: *Avesearskuon*, *kosten*, *klean*, *innen* en *oanen*. En fierder noch wurden as *babbelegûchjes*, *gibeltsjes*, *kluchten*, *grysjes*, *tûkelteammen*, *omballingen*. Dát binne saken dêr’t je soms fan woenen dat der mar ien fan bestie, mar dat kin spitigernôch net ...